

Fleurich sjonge wy ús liet

1

Fleurich sjonge wy ús liet,
lit elkenien it hearre!
Sjoch it wûnder: Davids sied,
de Heilân, Hy is berne!
Gloria, hosanna in excelsis.

2

Hoeders, gean no gau op wei,
fergapje jim oan 't wûnder:
Hy dy't hoeder wêze mei
en laam foar al ús sûnden.
Gloria, hosanna in excelsis.

2

Wizen, sykje net witwêr,
want sjoch, yn folle skiente
skynt in wûnderlike stjer,
dy't strielet oer syn klinte.
Gloria, hosanna in excelsis.

4

Minskebern fan oeral wei:
God is yn ús fermidden!
Kom en gean no mei ús mei
om Kristus te oanbidden!
Gloria, hosanna in excelsis.

tekst André F. Troost – 'Vrolijk zingen wij ons lied'

oersetting David de Jong

meldij Ding dong! merily on high – Frânske meldij 16de iuw